

Dingtiid Orgaan foar de Fryske taal  
O.f. de foarsitter de hear J. Koster  
Westersingel 4  
8931 CK LJOUWERT

Ljouwert, 10 oktober 2022  
Ferstjoerd, 10 OKT. 2022

Ús merkteken : 02029598  
Ôfd/Opjefte : Taal en kennis  
Opsteld troch : H. Kuipers-Zandberg / (058) 292 84 76 of h.kuipers-  
zandberg@fryslan.frl

Jo merkteken :  
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Reaksje op jo skriuwen oer oankundige besunigings


Achte Bestjoer, achte hear Koster,

Tige tank foar jo skriuwen fan 19 july l.l., dêr't jo jo soargen yn uterje oangeande de besunigings op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. It is wier dat Provinsjale Steaten yn harren steategearkomste fan juny ynstimd hawwe mei it útstel om de provinsjale begrutting tenei te basearjen op it útgongspunt fan 'Zero Based Budgetting' (ZBB). Dat prinsipe fan ZBB krijt syn beslach fan 2026 ôf en it leit yn de reden dat de strukturele provinsjale middels dy't beskikber binne foar it Frysk, tebekgean sille.

De krekte ynfolling dêrfan, is lykwols noch net bepaald. Dat wolle wy net dwaan sûnder yn oerlis te gean mei it Fryske fjild. Wat foar ús wol wichtich bliuwt, is it útgongspunt en ús fisy foar in fanselssprekkend en natuerlik plan fan it Frysk. Dat sil ek ús ynset wêze as it giet oer de de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer foar de perioade 2024 – 2028.

Wy binne wiis mei jo ynbring as advysorgaan en wolle jo ek graach útnûgje om oer de ynfolging fan de plannen yn petear te gean. Wy sille kontakt mei jo opnimme foar it plannen fan in ôfspraak.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

  
drs. A.A.M. Brok, foarsitter  
**voor deze, de loco-voorzitter**

  
A. Schepers, MSc, sekretaris